Begjintoets

A. Set de ûndersteande sinnen oer yn it Standertfrysk.

1. We zijn drie weken geleden op ons nieuwe adres komen wonen.
2. Mama, ga jij nu douchen? Anders ga ik me eerst even opfrissen in de badkamer.
3. De trompetklanken deden ons met een schok beseffen dat de dodenherdenking was begonnen.
4. Ik hoop dat jullie ons vanavond iets moois kunnen laten zien, waaraan we nog lang zullen terugdenken.
5. Regel voor vanavond even een paar extra tafels en stoelen, Jeroen!
6. Neemt u allen een pen ter hand, dan volgt zometeen de eerste zin.
7. Dag, lief hondje, kom eens hier! Kijk, ik heb twee koekjes. Jij krijgt er een en ik neem er zelf een.
8. Ik weet niet of daar veel over geschreven is, maar het interesseert me weinig.
9. Om een uur of tien moesten alle genomineerden hun plaats hebben ingenomen.
10. Als jij het gewonnen geld op onze rekening overmaakt, zie ik het bankafschrift wel verschijnen.

B. Wiis yn de ûndersteande sinnen de folgjende sindielen oan (as se deryn sitte):
1. persoansfoarm, 2. ûnderwerp, 3. stelde, 4. saaklik foarwerp, 5. persoanlik foarwerp, 6. ferhâldingswurdfoarwerp, 7. bywurdlike bepaling
Bestiet in sin út dielsinnen, jou dan fan elke dielsin apart de ûntleding.

a. Wat docht de buorman yn ús hinnehok?
b. Tinke jim noch faak oan Fryslân?
c. Hja sei him ta dat se him altyd trou bliuwe soe.
d. Dat famke liket leaf, mar se kin hiel gemien wêze.
e. Moarn stean ik op 'e merk om griente te ferkeapjen.

C. Folje de korrekte foarm fan it tiidwurd op de stipkes yn. As der mear as ien mooglikheid is, kies dan foar de sterke of ûnregelmjittige foarm.

1. ... net sa ferfelend! (wêze)
2. Juster ... der in learling út it klimrek. (falle)
3. Doe't er noch libbe, ... de âlde seeman mei in gewear op de wêzens yn it rioel. (jeie)
4. Oeps, ik ha myn jas ... . (ferjitte)
5. Ferline wike ... der in nuver ding yn 'e fiver. (driuwe)
6. Se wie ferwûne en de finger ... har tige slim. (bliede)
7. Doe't God de fûgels ..., hie Er der net oan toch om se allegear in kleurke te jaan. (skeppe)
8. Se hie it ankel ferknoffele. Dêrom hat se der in ferbân om hinne .... (wine)
9. De brêgeman hat syn breid oer de drompel it hûs yn ... . (drage)
10. Doe't der in nij regear kommen wie, ... de âlde wet net mear. (jilde)

Folje yn de ûndersteande sinnen in passende notiidsfoarm fan it tiidwurd yn. As der in sterke of ûnregelmjittige foarm bestiet, brûk dy dan.

1. Sjen > Do ..... der goed út.
2. Feie > Beppe ..... har stoepke.
3. Rekkenje > Ik fyn dat dat famke foar har leeftyd al knap ..... .
4. Bliede > Wolst in pleister? Do ..... út 'e finger!
5. Fleane > It fleantúch ..... altyd leech wer werom.
6. Hoopje > Ik ..... dat it dy slagget!
7. Ferjitte > De nammen fan 'e jeugd ..... dûmny wol gauris.

Folje yn de ûndersteande sinnen in passende mulwurdfoarm fan it tiidwurd yn. As der in sterke of ûnregelmjittige foar bestiet, brûk dy dan.

1. Regelje > Dat ha jim goed ..... !
2. Ferlieze > Cambuur hat wer ris fan Grins ..... .
3. Bliuwe > Wie ik no mar thús ..... .
4. Lije > Aldergeloks hat it slachtoffer net lang ..... .
5. Utlaitsje > Doe't de politikus syn plan presintearre, waard er hurd ..... .
6. Erve > Jaap hat wat jild ..... .
7. Liede > De klokken hawwe foar it earst yn jierren wer ..... .

Folje yn de ûndersteande sinnen in passende doetiidsfoarm fan it tiidwurd yn. As der in sterke of ûnregelmjittige foar bestiet, brûk dy dan.

1. Meitsje > Se ..... der in potsje fan.
2. Lûke > Wy ..... it túch mei woartel en al ta de grûn út.
3. Waskje > Hoe ..... eartiids dyn wollene truien?
4. Doare > Jessika ..... neat fan 'e pesterij te sizzen.
5. Farre > De âldman glimke, doe't it skip lâns ..... .
6. Briede > Mem ..... it hintsje oan beide kanten goed brún.
7. Fjochtsje > De minsken ..... foar harren bestean.

Notearje de nammefoarm fan de ûndersteande tiidwurden.

1. De hûn biet har yn 'e skonk.
2. Sok dwaan tsjûget fan in tige ferdoarn karakter.
3. Jabik bea tsientûzen euro foar de auto.
4. It gers bûgde yn 'e wyn.
5. Yn dat fiere lân kwûn hja stadichoan wei.
6. James Bond gloep tusken de traaljes fan it stek troch.
7. Dat gou yn earste opslach allinne mar foar leden